



## **FERKIEZINGSPROGRAM VVD 2017- 2021: SEKER NEDERLÂN**

### *Gearfetting*

Ús skiednis is der ien fan nijsgjirrigens, fan handel en fan lef. Fan frije mieningsútering, frije godstsjinstkar en likense rjochten foar homo's en hetero's, al yn in tiid dat oare lannen yn de wrâld dêr noch net klear foar wiene. It lân fan ûntspand mei ferskillen omgean. Fan frijheid dy't wy net allinne fan de machthawwers krigen, mar krekt ek fan elkoar. Fan sporters, keunstners en bedriuwen dy men oer de hiele wrâld ken. Fan humor, optimisme en gesellichheid. En foaral fan typysk Nederlânske unfersetlikheid - krekt yn drege tiden. Dat is it Nederlân dat wy koesterje. Dat is it Nederlân wêr wy dit ferkiezingsprogram foar skreaun hawwe. De ôfrûne jierren hawwe Nederlanners hurd knokt. It wie swier. De finansjele krisis soarge foar ûnrêst en ûnwissigens. Op itselde momint waarden der ek nog ris grutte herfoarmings trochfierd. Ûnder ús lieding. Wy diene dat krekt om foar te kommen dat ús lân fierder yn de skulden reitsje soe. Krekt om derfoar te soargen dat Nederlanners wer unbesoarge wenje, wurkje en libje koene.

Dy grutte herfoarmings binne no klear. Hja diene sear. De pine hawwe wy mei syn allen field. Mar wy hawwe folhâlden, wy hawwe fearkrêft toand en dêrtroch stiet Nederlân der hieltyd wer wat better en sterker foar. Dêrtroch kinne wy no foarút sjen. Wy kinne plannen meitsje foar de takomst, foar ús eigen libben en foar ús eigen lân. Ús plan is om Nederlân elke dei in stikje better te meitsjen. De basis mei dan wol wer op oarder wêze, mar wy binne der noch lang net. Der is noch in soad te dwaan. Dêrom sette wy ûnder mear yn op:

### **Sekerheid en Ynkomen**

- › In fêst kontrakt moat oantrekliker wurde om oan te bieden. Dêrom wolle wy dat de leantrochbetelling by sykte foar lytse bedriuwen (oant 25 wurknimmers) verkoarte wurdt nei in jier.
- › In fleksibel kontrakt moat sekerder wurde. Dêrom moat it wer mooglik wurde om meardere tydlike kontrakten en tydlike kontrakten fan langere tiid oan te bieden.
- › Wy wolle de sollisitaasjeplicht tydlik opheffe asto in oplieding folgjen giest dy't dy klearstoomt foar in baan.

### **Pensjoenen**

- › In eigen pensjoenpotsje foar eltsenien. Mei in dúdlik oersjoch fan dyn ynleine pensjoenpreemje en dyn opboude fermogen. Dit potsje kin wol kollektyf beheard wurde. Sa kinsto risico's dielen bliuwe en hoechsto sels gjin yngewikkelde belizzingskarren te meitsjen asto dat net wolst.
- › Maatwurk en karfrijheid. Sawol wat de AOW oangiet, as it oanfoljend pensjoen. Foar de AOW betsjut dat, datsto it letter yngean litte kinst wannearsto beslútst langer troch te wurkjen. Foar it oanfoljend pensjoen wolle wy it bygelyks mooglik meitsjen datsto in diel direkt opnimme kinst (by pensjonearring) om dyn hypteek ôf te lossen of om te skinken oan dyn bern.

## Soarch en Sûnens

- › Soarch moat goed, tagonklik en betelber bliuwe. Wy wolle dêrom in breed basispakket. Djoere medisinen, mitsdat harren effectifiteit oantoand is, hearre ek yn dat pakket.
- › Wy wolle dat de alderbêste ferpleech- en fersoargingshûzen de noarm wurde. Der moat in noarm komme mei each foar de libbenskwaliteit, winsken fan bewenners en de yndieling fan harren deistich libben. Ynstellings dy't dizze noarm langere tiid net helje wurde sletten.
- › Bewenners fan in soargynstelling meie sels bepale hoe't hja har libben liede. Dêrom hâlde wy fêst oan it skieden fan wenjen en soarch. Sa kinsto sels dyn eigen soarch ynkeapjen bliuwe.

## Feiligens en Frijheid

- › Wykplysjes binne de eagen en earen yn de buert en binne dermei de hoekstien fan de plysjeorganisaasje. Wy wolle dêrom ynvestearje yn (mear)wykplysjes.
- › It útgongspunt is dat plysjes net oanmerkt wurde as vertochten yn in ûndersyk nei it gebrûk fan geweld.
- › Relskoppers dy't oerlêst feroarsake, moatte flugger te meitsjen krije mei previntyf fûllearjen, kameratafersjoch, kloft- en gebietsferbeaen.
- › De spesjale antiterreurienheden moatte útwreide wurde.
- › It foech fan de feiligenstsjinsten moatte útwreide wurde en oanpast oan de nijste technologyske ûntjouwingen en kommunikaasjemiddels.
- › Wy wolle folle mear ynvestearje yn definsje. It folslein op oarder bringjen fan de basis- en insetberens fan de hiele kriegsmacht stiet foarop.
- › Om elke tsjinstander op it moderne slachfjild oan te kinnen, moatte wy konstant ynvestearje yn ús manskippers, nij militêr materieel en innovaasjes.

## Ymmigraasje en Yntegraasje

- › De ynboargering fan nijkommelingen soargje der foar dat sy sa gau en goed mooglik harren paad fine yn ús maatskippij.
- › De taal leare. Oan de slach kinne. Dat foarkomt in hege druk op ús sosjale foarsjennings. It mei it ús net barre dat grutte groepen nijkommelingen net meikomme kinne yn ús maatskippij en, bygelyks, yn in útkearing telâne komme. Oan nijkommelingen stellen wy dêrom strange easken. En as sy harren net oan dy easken hâlde, wolle wy dat dêr ek konsekwinsjes oan ferbûn wurde. Nijkommelingen dy't ferwytber net foldogge oan harren ynboargeringsplicht, litte ús sjen dat sy gjin diel út meitsje wolle fan ús maatskippij. Wy fine it logysk dat dit gefolgen hat, lykas it ferlieze fan de ferbliuwsfergunning, gjin sterkere verbliifsstatus krije kinne, gjin Nederlanner wurde kinne of gjin útkearing mear krije.
- › Wy wolle opfang yn 'e regio en gjin asyloanfragen mear yn Europa. Allinne mei werfestigingsprogramma's kinne minsken nei ús lân ta komme.

Oant opfang yn de regio en gjin asyloanfragen mear yn Europa regeld binne:

- › It steapelen fan asielaanfragen stoppet. Dat wol sizze dat wy werhelle oanfragen ferkoart ôfdogge en it berop net yn Nederlân ôfwachte wurde mei. Heger berop by werhelle oanfragen skaffe wy ôf. Sa kin it ferbliuw yn Nederlân net ûnnedig rekt wurde.
- › Gjinn plak foar migranten út feilige lannen. Dêrom moatte wy derfoar soargen dat lannen har eigen ûnderdienen ek feitlik weromnimme. Meiwurking hjiroan kinne wy as betingst stellen by ûntwikkelingshelp, hannelsrelaasjes en it slúten fan ferdragen.
- › Stopje mei gemeentlike opfang foar útprosedearre asylsikers en illegalen. Útprosedearre asylsikers binne gjin flechtlingen. Sy hawwe alle prosedueres trochrûn en moatte dêrom Nederlân ferlitte.
- › It strafber stellen fan yllegaal ferbliuw lykas de help hjirby.

## Ús takomst

Wy moatte der foar soargje dat wy net allinne no genôch jild fertsjinje om in goed libben te lieden en ús foarsjennings oerein hâlde, mar ek yn de takomst yn dizze fluch feroarjende wrâld. Wy binne goed oplaot, beskikke oer in goeie ynfrastruktuer en stean iepen foar handel en ynnovaasje. Mar tagelyk nimt de ynternasjonale konkurrinsje ta. Wy wolle dat bedriuwen yn Nederlân de doarren iepenje bliuwe en dêrby de wissichheid hawwe dat Nederlân in oantreklik lân bliuwt om yn te ynvestearen. Dit leveret ús ommers in soad banen en wolfeart op en dêr profiteare wy allegearre fan. It is beskiedend dat wy noch mear ynsetten op ynnovaasje.

- › Wy wolle ynvestearen yn ynnovaasje. Dêrby moatte wy ús realiseare dat ynnovaasje tiid kost en dus freget om ynvestearings foar de langere termyn. Stabiele en betroubere wet- en regeljouwing is hjirby fan grut belang. It hjoeddeistige ynnovaasjebelied wolle wy dan ek trochsette wêrby wy goed sjen bliuwe oft it belied oanfold wurde moat dan wol ferromme en as ekstra investearings nedich binne.
- › We wolle ek mear ynvestearen yn kennis. Nederlân moat oantreklik wêze foar heegoplaate minsken út it bûtenlân dy mei har unike talinten en goeie ynnovative ideeën bydrage oan ús wolfeart. Dêrom wolle wy in 'kennismigrantenregeling' op basis fan in puntensysteem. Hjirby sjogge wy net allinne nei it ynkommen datsto fertsjinje silst, mar ek nei dyn opliedingsnivo, wurkûnderfining en taalfeardigens. Hoe grutter dyn mooglike bydrage oan de Nederlânske ekonomy, hoe grutter dyn kâns om hjir as kenniswurker oan de slach te kinnen. Dêrnjonken meitsje wy it mooglik dat wurkjouwers meardere tydlike kontrakten fan in langere perioade oanbiede kinne. Ek de kenniswurkers profiteare hjirfan.

It folsleine (Nederlânstalige) ferkiezingsprogramma fine jo op [www.vvd.nl/verkiezingsprogramma](http://www.vvd.nl/verkiezingsprogramma)